



ZON-DAG BOEK



PROTESTANTSE GEMEENTE Wirdum Fr e.o. Himelfeartsdei 09 maaie 2013

Dautraapje



It wie fris en de loft
wie berûn op dizze
Himelfeartsmoarn.
Doch kamen moai wat
minsken betiid nei de
Fikarij.
Sa setten wy ôf foar
de dautraaperij. In
wyntsje en in wat
driigjende loft...

It earste stik rûnen wy yn stilte. Sa hearden wy nei
de lûden út de natuer.



Bei
Swichum
krigen wy
in protte
oandacht
fan de kij
dy't dêr
weiden....

Tuskenstops



De earste stop
wie by it tsjerkje
yn Swichum.
Oan de hân fan
in tekst oer de
Himelfeart giene
wy dêrnei
fierder...



oer de Himelfeart fan Jezus.

De twadde
tuskenstop wie
op de needbrêge
oer de
Wurdumerfeart
midden yn it lân
tusken de
Wergeasterdyk en
it Loo.
Wy stiene stil bei
de ferwûndering

De tredde
tuskenstop wie,
tradysjegetrou
op it âlde plak
fan
Jousmastate.
De diakonij hie
broadsjes, kofje
en tee klear
stean. . Dat



smakke poerbêst .
De famylje Reitsma wie oer út de Feriene Steaten.
Frou Reitsma spruts ús ta yn it Hebrieuwsk en it
Ingelsk en fertelde dat sy it
prachtich fûnen om sa mei
te rinnen in dizze kuier.





op de eftergrûn de
bouwerokoan it
knooppunt op de
Werpsterhoek.



De foto's sprekke foar harrensels..

Bei de tsjerke kamen de kuijders en de oare
tsjerkongers by elkoar. Der folge in ienfâldige
tsjinst.

De Himelfearttsjinst

De foargonger spruts út:
*Wy binne hjir byinoar yn de
Namme fan God: Heit, Soan
en de Hillige Geast.
Wy antwurden: Yn it
betrouwen dat God de Heit,
skeppend en kreatyf mei ús*



*dwaande is;
F: dat Jezus, de soan,
A: rêdend en befrijend mei ús begien is;
F: en dat de Hillige Geast
A: ynspirearjend en feromjend yn ús wurket.
Amen.*

Wy sjonge fan Psalm 24 de ferzen 1 – 5: *"De aarde
en haar volheid zijn des Heren koninklijk domein.."*

Der waard lêzen út
Hannelingen 1. It ferhaal
oer de Himelfeart..

Nei de oertinking sjonge
wy Liet 234 fers 1 en 2:
*"Ten hemel opgevaren is,
halleluja, Christus die
Heer en Koning is, halleluja.*



As slotliet sjonge wy Sjongend op Wei 185: *"Ga nu
heen in vrede, ga en maak het waar..."*



Wy geane de
wrâld yn mei de
segen:
*Mei God de
Heit, boppe en
ûnder ús wêze
En ús stypje en
opheine.
Mei Jezus, de
soan, njonken
ús wêze
En ús it paad wize.
Mei de hillige Geast yn ús wêze,
En ús ynspirearje.
Amen.*



Meiwurkers

Alderlingen, diakens, pianist en elk dy't mei die...